

Op Jacht - A.M. Wybenga

(In oarlochsferhaal nei de tsjûgenis fan Marten Wouda)

De Slypstien ûnder Nijewier.

Prachtich plak midden yn 'e wrâld. Iensum mids yn 'e greiden njonken in hoekje bou. In goed plak lân fan 'e Bartenswei ôf. En lâns dy Bartensweo al net folle mear reed as fan 'e lannen deromhinne, in boerespul en in gerniershûs togearre dêr yn 'e frijheit.

Hwat wie it dêrre in kostlike oarde foar ûnderdûkers. Byhwannear der razzia's oankondige waerden - wy wisten altyd wol hwannear dy komme soene, de iene joech it efkes troch oan de oare - dan wiene alle ûnderdûkers yn in eachwink forswefd. Hwerhinne? Ja, siz it mar.

De iene by de oare swalke nei de Slypstien, hwant Marten Wouda hie wol plak foar harren. Sjoch, de fijân soe it wol net yn 'e plasse krije en reizgje nei dy ôfgelegen oarde dêr midden yn 'e modder en allegearre, om mooglik neat to fangen.

De measte ûnderdûkers wiene faek iendeismiggen, dy't sadré it hwat feiliger like, wêr ôfsakken. Lykwols, twa hiene jerne langer ûnderdak. In Ljouwerter en in Dokkumer. Goed, dat koe wurde.

Mar dan moast der ek in skûlplak komme. Dat wie neat. Ien yn 't hea. Foar tsjin de muorre oan waerd yn 'e midden, mei it haeijen in aerdige romte iepenlitten, towylst njonken de souder de golle in bytsje oerboud waerd. De dûkers koene fan 'e souder ôf har yn dat gat delglide litte, hja namen in toppe hea mei om de streek dêr't se lâns kommen wiene yn 'e âlde foeghe to bringen, en nimmen koe fan 'e souder ôf sjen dat dêr minsken lâns gliden wiene.

It gyng bêst, de hiele simmer lâns, en ek in goed part fan 'e hjerst. Mar it forrie slepte net. Der moasten hjir of dêr in pear dûkers sitte, dy en dy, en binne dy net yn it doarp to finen, wolnou, dêromhinne is ek romte.

Sa waerd it 6 Desimber 1944. De moarntiid bitiid wiene der 5 Dútskers op stap. Der moast hússiking dien wurde by dy en dy boer, Marten Wouda moast er hjitte en ûnder Nijewier oan 'e Bartenswei wenje.

Goed de Dútskers op Nijewier los. De Bartenswei moasten hja ha en dy moast nei Nijtsjerk útlizze.

"Nou, dan moasten se mar nei Nijtsjerk ride," waerd der harren sein. Dat wie fansels oars net as om har ôf to lieden, hwant nou rieden se krekt de forkearde kan út.

Hja nei Nijtsjerk. Hwer't de Bartenswei wie en hwer't Marten Wouda wenne. De lju to Nijtsjerk wakkere ûnnoazel. Bartenswei en Marten Wouda? en hja klouden harren achter de earen, ja hja hiene der wolris fan heard, lykwols, siz mar krekt hwerre!

Dochs rekken de Dútskers de goede kant út, hwant hja rieden op Bollingwier oan. Earst forrieden hja har dêr ek in eintsje, mar hja krigen yn 'e smizen dat se mis wiene. Doe wer werom en sa de echte Bartenswei op.

De lju yn Nijtsjerk bigriepen dat der gefaer drige, en hja stjûrden yn 'e gauwichheit in jongfaem op 'e fyts der op út om Wouda to warskôgjen. Dy ried oer Nijwier sa hurd as hja traepje koe, mar it wie to let; doe't hja oer 'e Twadde Barten ried, seach se dat de soldaten de modderreed oppeazgen nei de Slypstien ta.

Wouda stie krekt by de skuordoar yn it waer to sjen, doe 't er it folkje de wei út wei kommen seach. De dûkers sprongen hwat yn 'e skuorre om. "Jonges, yn jim skûlplak; dêr komme de Dútskers!"

De jonges nei de foarein: "Us pompieren en ús portefúljes!" rôpen se oan Jan, Wouda syn soantsje. Yn in omsjoch wie alles foar elkoar en de frou en de faem burgen oerstallige bonkaerten en klean fan siden.

Wouda siet wilens to bytsnijen mei in hânslachtmes, dat alles sa gewoan mooglik lykje soe. Ynse, it feintsje, stie foar it terskhûsfinster om to sjen hokker kant hja útswaeije soene.

"Ja hear," sei Ynse, "hja komme de reed al op."

Yn is omsjoch stiene de Dútskers op it hiem. Ien moast foar hûs en ien achter op it hiem op post. Nimmen koe sa op of fan it hiem komme, hwant de greft rint der hielendal om hinne. De kommandant mei twa oare soldaten soene dus it hûs mar ris in kear ôfsiikje.

"Heare, biwarje ús en biwarje harren dy't by ús in skûlplak ha," sa wie de bea fan de boer en de boerinne. Sa wie ek it gebet fan de buorlju en de minsken yn 'e buorren. Hwant forskaten seagen it gefaer en hâdden harren de lea sear, hoe't dit ôfrinne soe.

"Ben ik hier bij boer Wouda?" frege de kommandant, dy't in mûlfol Hollânsk leard hie.

"Ja, dy wennet hjir," andere Wouda, dy't mar stil siet to bitesnijen.

"Zoeken, zoeken!" sei de Dútsker.

"Sykje mar," en Wouda bitesnijde mar troch.

"Mee!" sei de kommandant mei it krop foarút en it gewear yn 'e oanslach.

"Nou, dat is goed," sei Wouda kâldwei, "wy sille wol sykje. Hwer wolle Jo it earst?"

"Begin maar bij die pakken stroo, daar zijn gangen in gemaakt."

Dat wie wier, de dûkers hiene mei de striepakken oan it heuveljen west; it like krekt oft der mei opsetsin gongen yn iepenlitten wiene. Omkoal tocht fansels: wy binne de bazen al daliks op 't spoar, en hja mei dy swiere pakken oan it tûgjen, mar al hwat dêr út to heljen wie, gjin ûnderdûkers.

Dan mar op 't hea los, dêr soe fêst wol in skûlplak yn sitte.

"Nou man, jij maar voorop!" is it bifel fan 'e kommandant. Sa klauden se by de ledder op.

Boppe op 'e golle waerd alles ôftrappe. Ek boppe it gat dêr't de jonges sieten, mar dêr wie safolle hea op loege dat it suver neat mear meijoech.

Nuver, nearne in hol plak to fornimmen. Oant hy by it heafek kaem. Dat hie Wouda de moarns noch fol los hea smiten om de jouns der wer fan to fuorjen, sadat it mei de golle lyk lei.

Trap, trap! sa gyng it mei de kommandant enpats! dêr skeat er yn it losse heafekshea del. Suver der yn wei.

Wouda draeide him om, it gyng sa pitertuerlik dat er slim it laitsjen litte koe. Mei dat al, Wouda moast mynhear de Dútsker der wol úthise, en krige it bifel: "Direct dat gat leeg halen, daar zitten ze in!"

Dat wie gjin biswier, hy de foarke en deryn om rame en dolle, dat it sta sei. De kommandant bigriep al ridlik gau dat Wouda op sa'n manear alles deastekke moast, dat yn dat heafek syn thús hie.

Dêr siet gjin minske, dan mar nei de keamersouder. By de heagolle lâns skarrelje, né, dêr wie suver neat. De skoarstien! Dêr soene se dan wol ynsitte. "Die deur open!" is it bifel. "Goed," seit Wouda, "as jim dan mar net oan myn spek komme."

"Open!" is it driigjend bifel, "en een beetje gauw ook." Mei it gewear yn 'e oanslach wurdt Wouda twongen om iverich mei to sykjen.

Alles trochsykje en ôfloere, gjin fortuten, neat to finen. Lokkich, it spek litte se hingje, de doar mar wer ticht. De kommandant trappelet fan forwoedenens, it is him dochs dúdlik oansein en hjir is neat to finen en dy boer sjocht mar egael.

Wacht, it hountsje fan dy droege keardel moat mar mei to snuffeljen, dan sille hja it spoar wol fine.

Mar it hounbeest hat der suver gjin sin oan om dy opdracht út to fieren, hy docht oars net folle as by de Dútskers op to springen. Mei syn "koest dierke, koest beestje" koed er de houn mar kwealik yn 'e stokken hâlde. Dus dat joech ek al gjin byt.

Wacht, dan mar nei't bûthús. De kij binne dêr allegearre al yn 'e rêst. Alle fortochte hoekjes en gatsjes wurde ynspekterre, mar neat to finen. Alles mis en nochris mis. Wie it net in spul om breinroer to wurden?

Yn 'e gong wurde de planken fan 'e flier wakker tostutsen, it jowt neat. Hja sjogge yn 'e reinwettersbak - dy is oan 'e kop ta fol, dêr kin gjin minske it yn úthâlde.

Nou de koken, en dêr sitte de dûkers flak njonken yn har forskûl. Der sit in toukast yn 'e koken en sa kinne se alles hearre wat de kommandant der útbolderet. Ek wie der in lyts skreefke yn 'e muorre, mei in elektrysk lampke socht de Dútsker alle hoekjes en gatsjes ôf en it ljocht skynde bytiden yn har skûlplak. Dêr sitte de dûkers yn uterste spanning: sille hja sa daliks noch opmurken wurde?

Né, de fijân soe wol net troch de muorre brekke, mar dochs.....

De Poep krige de bajonet en stiek.....dwerstroch de muorre en - roerende by har lâns. God tank, net ien fan beiden is rekke en de Dútsker hat neat bysûnders opmurken.

Yn ien fan 'e kasten founen hja in pakje kearsen, dat moast mar mei - de Dútskers liken forlet fan hwat mear ljocht to hawwen.

Doe moast it skeane ôfdak it ûntjilde, stek stek, en raem raem! en liik wie de baes, mar dêr kaem er ek al net folle fierder mei.

Doe nei de lytse keamer. Dêr lei immen siik op bêd, in âlde evakué út Huisen (Gd.)

"Wie is dat?" moat de Dútsker witte.

"Dat moatte jo himsels mar freegje," seit Wouda, "mar hy is siik. Sjoch mar, syn drankfleske stiet dêr op 'e tafel."

De Dútsker skokskouderet, né, né, dêr hied er it net op forsjoen. As er siik is, kom ik der net by, tinkt er. Hy wol leaver dy koffer efkes neisjen, dy sil wol fan in ûnderdûker wêze. "Open dat ding."

Hwat in klean, wat in klean! Né, dit is gjin goed spul, en dan dat boekje oer Elektrisiteit, wat soe sa'n âld stakker dêr mei útrjochtsje?

"Nou", seit Wouda bislist, "ik tink dat hy dêr wol wat mei kin. Freegje it himsels mar."

Mar dêr skoarret de baes dochts tsjinoan, men kin noait witte, dy bismetting.....

"En zeg, trek jij die jas reis aan, die daar aan de kapstok hangt."

De jas past Wouda, koart grou keardel as er is, wol aardich, allinne hy hinget him hast oer 'e teannen.

"Die is ook niet voor jou gemaakt."

"Mynhear, dat is tsjinwurdich sa de moade," seit Wouda, "Jo kinne sjen, hy past my oars sa goed as 't hoecht."

Ja, dêr koe de baes neat tsjin sizze.

"Maar die broek dan, trek die reis aan."

Dat like minder moai, de broek wie fiersten to nau.

"Dat is jou broek niet, dat kan een kind wel zien."

Mar Wouda forblikte net. "Ja man, dat is ek sa, hy is my to nau, mar ik hie him ek al ôftanke, hwant ik bin yn 'e lêste tiden sa groeid." Ja, ja, wat soe ús maet dêr tsjin zizze! "Maar trek die schoenen reis aan."

Dat wie net sa'n slim kerwei, hwant it wiene Wouda syn eigen. Mar der stiene noch in pear: "die moet je ook maar eens aantrekken."

"Ja, kommandant, mar dan moat ik earst noch in pear sokken helje fan de frou, hwant dit binne myn winterskuon, dy haw ik oan as it kâld is."

Grimmitich is de kommandant, hy springt has út syn fel, hwant hy fielt mâlleskoan dat er mei soksoarte biwizen net in hanbré foarderet. Dan mar ris ûnder de flier sjen. De iene planke achter de oare wurdt der útraemd, der ûnder ljochte en alles wat mar mâl is, mar it is wer itselde sankje, neat to sjen en neat to finen.

It like dochts bjusterbaerlik, it wie harren sa goed oandroegen, hjir moasten twa ûnderdûkers sitte. Dan soene se wol yn 'e foarste keamer wêze, dus dêr hinne.

Alles waerd dêr oer 'e kop helle, hwant nou soe de bûter jild jilde. Nei de bedsteden en yn in swang de bêdden der ôf, al wer itselde: neat en nochris neat. It gyng sa holderdebolder, dat hja in konfeksjepakje fan ien fan 'e

dûkers, dat de frou sa pas tusken de tekkens yn moffele hie, net ienris opmurken, hoewol 't hja der al op omwâdden.

Dan de kast mar. Wouda syn pompieren waerden allegearre trochsneupt, mar dy leveren ek al gjin biwizen op.

Ynienen, o skrik, dêr kaem it Wouda yn 't sin dat er dyselde moarns noch in geheim bledtsje krige hie. En dat hied er yn 'e bûse dien fan 'e jas dy't oer 'e stoel hong. As hja dat fine, dan sit ik der yn, tocht er, dat moat dêr wei. Sa ûngemurken gyng er op dy stoel sitten, moffele it bledtsje út 'e jaszak, biwuolle it stikemwei yn syn bûsdoek en stiek doe dat saekje yn syn broeksbûse; sa dat gefaer wie wer foarby.

Krekt op tiid, hy wie hast noch net fan 'e stoel ôf, of de Dútsker stiek op de jas los om alle bûsen nei to sykjen, mar it stê wie kâld.

Dêr founen de baesmannen mar efkes trije skearapparaten, dat de dogeneaten moasten hjir sitte.

"Van wie zijn die?" op in toan fan: nou binne wy der! "O, dy iene is fan ús evakué, en dy oare beide binne mines."

"Ja, ja, je zult wel twee apparaten hebben. Daar geloof ik niks van. We zullen ze wel vinden!" Dus de hearen wer mei nije moed oan 't sykjen. Mar sykjen en finen binne twa.

Der waard yn 'e kelder omramaid, de planken fan 'e keamersflier waerden der úthelle, earst de iene kant en doe de oare. De bajonet der mar ûnder, der moasten guods sitte!

Hwat in toloarstelling.

Hy stampte it út fan forwoedendheit. "Je liegt, je liegt alles!" skreaude er tsjin Wouda en helle it gewear fan 't skouder. "Ik schiet je dood, ik schiet je dood!"

Wouda bleau folslein kalm by't gefaer, mar syn húsgenoaten sieten danich yn 'e pine: dy Poep wie der ommers bêst ta yn steat en doch it. Mar hoe 't er ek boldere, de baes krige út Wouda neat.

Dan de keamer mar wer út, dêr wie spoar noch teken fan in dûker to bikennen. Noch de bedsteden efkes opnimme, twa yn 'e wenkeamer en twa yn 'e lytse keamer, dus plak foar 8 persoanen, towylst de faem thús sliepte, lyk as Wouda sein hie.

Ha, tochten se, dat komt net mei elkoar oerien: de boer en de frou, de soan en de feint, en dan de evakué, dat is minsken foar trije bêdden, hoe sit it dan mei it fjirde? En dat is dochs bisliept, dat is út alles dúdlik op to meitsjen.

"Hoe zit dat, wie slapen daar?" is de fraech.

"O," sei Wouda, "ik sliep hjirre, omt de evakué siik is, moat er nachts ek drank ha en help ik him dêrby."

"Ja, ja, jij niet bij je vrouw slapen, ja, ja, hij slaapt niet bij zijn vrouw, moet je maar geloven," gniisde de kommandant. Mar mei dat al, hy koe hjir ek al neat gewaer wurde.

Doe nei bûtendoar, it terpachtige hiem mar ris ôfwâdzje, der soene wol hoalen yn 'e groun sitte dêr't de dûkers yn deldûkt wiene; en fuotsje foar fuotsje krige it hiele hiem syn part, fansels sûnder dat it hwat joech. Hoe wie

it dochts mooglik, hjir *moasten* twa sitte, en der wie net ien to finen. "In huis blijen", sei de kommandant, "we zullen bij de buurman zien, ze moeten hier zijn, het kan niet missen."

Hja nei Barwegen, dy't yn it gerniersspultsje wennet. Trije Dútskers derhinne, dy oare beiden moasten op Wouda passe.

Ek by Barwegen waerd it hiele spul oer 'e kop helle, mar dêr wie likemin hwat to finen. Dan moast buorfrou mar ris geweken nommen wurde.

"Wouda heeft hier twee onderduikers niet waar?" Trije kear waerd de fraach herhelle, mar ek alle trije kear sei de frou like stanfêst: "Né, dêr binne gjin."

Mis, alles mis! De flinke bileaning, harren yn útsicht steld, hja koene der mar nei fluitsje. Sa goed as trije ûren hiene hja hjir nou omslein en neat bidijd.

Nou, dan moasten hja mar wer nei 't plak dêr't hja weikommen wiene.

Hwat in forromming foar de Slypstienlju. Hja tanken Him dy't har sa genedich biwarre hie.

En de ûnderdûkers? Trije ûren oanien hiene hja nou yn dat tsjustere gat sitten. Hja hâdden har de lea stikken en iderkear moasten hja tinke: sa daliks fine se ús noch. En har bea wie: "Heare, biwarje ús!"

Op 't lêst, alles waerd stil. Soe it gefaer oer wêze?

Dêr kaem Wouda oan. "Jonges, hja binne fuort, hear! Kom der mar wer út."

Dêr stiene hja, triljend en wyt fan oandwaning.

"Gau yn 'e hûs, en hwat fan 'e skrik bikomme!" Ja, dat mochten hja allegearre wol, hwant nei de spanning kaem de reaksje. Hja fielden noch nei hwat wrede fijânnen hja op 't hiem hawn hiene. En har tank gyng nei God omheech.

Forskate Nijwiersters hiene de Dútskers by Wouda op 't hoarnleger omtraepjen sjoen, en it joech in sucht fan forlichting doe't se wer fuortrieden lyk as hja kommen wiene. Doe efkes nei de Slypstien om Wouda en dy to fylsetearjen.

De dûkers stieken dyselde joun noch ôf. Broer Westra gyng wer nei Dokkum en Willem Blom nei in oare Nijwierster. In wike oardeheal neityd reizge hy nei syn famylje to Ljouwert.

Hja binne fierders bihâlden troch de bissettingstiid hinne rûgele.

En ús bêste Dútskers? Mei in min sin drosten se wer ôf nei Eanjum ta. Hja hiene op jacht west, mar neat fongen. It wie foar har in minne Sinteklaes.

Boarne: "De Stim fan Fryslân" 1946